

**Preek van de Leek Kommissaris fan de Kening drs. A.A.M. Brok
Ysbrechtum, 25 jannewaris 2026**

Bêste Minsken,

In skoft lyn frege myn dierbere freon Rob van der Werf oft ik in kear in Preek fan de Leek fersoargje wolle soe yn de PKN gemeente fan Ysbrechtum.

Ik ha dêr net lang oer neitinke hoegd.

Ik koesterje waarme oantinkens oan myn tiid yn Snits en kaam graach yn it doarp en yn Epemastate yn it bysûnder.

Dêrneist fyn ik it moai om as praktisearjend roomsk katolyk sa'n preek fersoargje te meien by de bruorren en susters fan 'e protestantske gemeente yn dizze prachtige tsjerke.

No is it roaster en dêrmei ek de Bibelteksten yn myn tsjerke, ôfwikend fan it roaster fan de PKN.

Ik haw der ek bewust foar keazen om de lêzingen fan myn hústsjerke te brûken.

Al wie it allinne mar om it 'foaroardiel' te ûntkrêftsjen dat der noch altyd is, dat de katoliken net sa mei de ynhâld fan de skrift dwaande wêze soene...

Neat is minder wier...

Gewoanwei binne der yn in eucharistyfiering twa lêzingen út it Alde Testamint en in Psalm. Dêrneist steefêst ek in lêzing út it Evangeelje.

Yn in kommunyfiering, dêr't net in wijde pryster foargiet, is de liturgy sober. In lêzing en it Evangeelje sil hjoed folstean...

Ik bin in leek en ek noch yn in protestantsk fermidden...

Ik fyn it dêrom dan ek net passend om op 'e preekstoel te stean.

Dat plak past my net. Dat komt my net ta...

Krekt sa, dat ik as roomsk katolyk net achte wurdt diel te nimmen oan it jûnsmiel yn jo gemeente as der hjoed de mooglikheid foar wêze soe.

De konsekrasy (wijing) fan it brea hat yn myn tsjerklike tradysje ek in oare betsjutting as yn 'e protestantske gemeente.

In oar ferskil tusken ús leauwensmienskippen binne de sakraminten.

By de protestanten twa, by de katoliken sân.

In lêste ferskil dat ik neame wol is dat de pastoar altyd foarsitter is fan de parochy en in leek it net fierder skoppe kin as vice-foarsitter.

By de protestanten binne de amten fan dûmny en oaren lykweardich.

Dit is lykwols net in moarn fan ferskillen, dat is ek de kearn fan myn 'preek'.

Ik ha foaral ek yngean wollen op jo útnûging om't ik de oertsjûging ha, dat elkenien 'dy 't der noch in bytsje yn leaut', him ferbine moat...

It is ek in mooglikheid dat jo ris wat mear te sjen krije fan de 'minske' efter de kommissaris.

Hoewol't ik besykje te beweitsjen dat der neist de funksje ek noch romte is foar in priveelibben, is it ek goed dat jo hearre en sjogge hoe't ik as persoan yn it libben stean.... As minske, as kristen...

Ik kom út in frij reformatoaryske streek yn Súd-Hollân. Ut Leerdam. Myn sweager wie kristlik grifformearde, myn bêste freon is hersteld herfoarme en myn bêste freondinne grifformearde frijmakke.

As roomsk-katolyk jonkje waard ik sjoen as in 'frjemde eksoat' en fregen se my wat ik op in kristlike skoalle die...

Ik wie ommers katolyk en der wiene yn de jierren tachtich fan de foarige iuw noch minsken dêr, dy't dat net as in kristlik leauwen seagen...

Oarsom wie der ek in net objektyf byld fan 'protestanten'...

Tsjinstellings wiene noch grut...

Op ynhâld en yn byld...

It is hast net foar te stellen dat der yn de ôfrûne jierren safolle feroare is...

Ik sjoch dat de oekumene in positive útwurking hat.

Ik sjoch ek dat protestantske tsjerken dy't nei de oarloch en yn jierren sechtich en santich útinoar gien binne, wer byinoar komme...

Ik sjoch dat de Roomsk Katolike tsjerke troch de migraasje 'ferkleure' en wer eleminten weromkomme lit fan foar it Twadde Fatikaanske Konsily...

Dy tiden fan grutte tsjinstelling binne gelokkich foarby...

Ek by de wat mear ortodokse tsjerken wit ik út myn tiid út Dordrecht...

Fansels binne der ferskillen, sels fûnemintele ferskillen...

mar we meie ús dochs foaral útnûge fiele om út de freugde fan it

Evangeelje wei, minske ûnder de minsken te wêzen en foaral in foarbyld foar oaren....

Wy ha lêzen: (1 kor 1 10-13/17)

“Ik spoor u aan, broeders en zusters, bij de naam van onze Heer Jezus Christus; dat gij allen eensgezind zijt in het spreken en dat er onder u geen scheuringen zijn.”

Paulus skriuwt oan in ferdielde mienskip.

‘Ik bin fan Paulus ’

‘Ik fan Apollos ’

‘Ik fan Kefas ’...

Wy soene hjoed sizze, krekt as yn myn jeugd yn it ferpyldere Leerdam;

“Wy hawwe gelyk, sy net...”

Paulus is radikaal helder;

Ferdieldheid is net goed. Hy is net foar de Korintiërs krusige.

Kristus is net ferdiel.

It krús mei net leech makke wurde troch moaie wurden, ideologyske suverheid of partijtinken.

It krús stiet midden yn it lijen fan 'e wrâld en wegeret it geweld te hilligjen.

Ik sitearje:

“opdat het huis van Christus niet van zijn betekenis ontdaan wordt”

Dat freget wat fan ús. Ek hjoed.

Dizze lêzingen, mar ek de aktualiteit fan hjoed-de-dei, nûgje ús net út om ien kant te kiezen yn in oarloch, mar om partij te kiezen foar it ljocht...

It ljocht fan 'e minsklikheid.

It ljocht fan tichteby wêzen.

It ljocht dat baarnen bliuwt, ek as der skaad is...

Net de polarisaasje mar de nuânse

Wy meie bidde om it brekken fan it jok.

Mei de wurden fan psalm 27...

“De hear is myn ljocht en myn heil, foar wa soe ik freze...

Ik betrou derop om de goedens fan `e Hear te sjen yn it lân fan `e libbenen...”

As belidenis tsjin 'e wanhoop yn.

As betrouwen dat it tsjuster net it lêste wurd hat en as opdracht om sels gjin dragers fan tsjusterens te wurden, mar fan ljocht...

Ek foar de minsken yn de Oekraïne

Dat wy altyd de hoop de romte jaan meie...

At wy fertriet hawwe...

As wy ferlies ûndergean moatte...

Yn it Evangeelje fan Mattéus lêze wy dat Jezus wenje, sprekke en genêze wol yn in regio dy't minsken leaver ferjit

Dêr klinkt it boadskip:

‘Bekear jo, want it Keninkryk fan `e himel is tichtby’.

Bekearing betsjut; lear oars sjen... nim ôfstân fan it frame wêr'tst yn sitst.
It is net in Keninkryk fan macht, mar fan tichtby wêzen.

Wy lêze dat Jezus fiskers, gjin helden, gjin ideologen, har netten
afterlitte. Om diel te wurden fan in beweging dy't net raast, mar genêst,
dy't ferbynt: ...ik sil jo fiskers fan minsken meitsje.....

Earst Simon, Petrus, Andreas en letter Jakobus en Johannes

Ha wy dêr net krekt no ferlet fan...

Oan minsken dy't harkje yn stee fan raze...

Oan minsken dy't problemen oplosse yn stee fan kreëarje...

Oan minsken dy't wûnen hielje yn stee fan iepen meitsje...

Oan minsken dy't tsjinstber en ûnbaatsuchtich binne yn stee fan te
sizzzen dat se sa goed binne...

En net allinne yn Ruslân hear...

Of yn 'e Feriene Steaten fan Amearika...

Ek yn ús nasjonale polityk...

Ek yn de mienskip fan Súdwest-Fryslân...

Ek by de provinsje...

Ek yn de mienskip fan dit doarp, fan dizze tsjerklike gemeente...

It is sa maklik om negatyf te oardieljen oer wat in oar better dwaan
moatte soe...

As soene wy better wêze...

Wat dogge jo der sels oan?

Wêr hawwe jo de ôfrûne wike it ferskil makke...

Wêr hawwe jo sjen litten dat jo oaren ta stipe west hawwe...

Of keapje jo it ôf troch aanst wat foar Gana te jaan...?

Bêste minsken, ik slút ôf...

Wy libje yn in bizarre tiid dêr't hedonisme heechtij fiert...

Dêr't narsisme yn it DNA fan mannich lieder sit...

En dochs...

| Ik bin hoopfol... Net tsjin better witten yn...

Want wy meie altyd wer fan bêd ôf...

Wy meie altyd wer begjinne...

Wy sjogge út nei de maaitiid dy't komme sil...

Nij libben,

Nij ljocht...

Krekt no...

Amen.